

Utnoeging Ynterfryske Bestjoerdersmoeting 2012  
Einladung Kommunal-politiker Treffen 2012  
28-30 septimber/September

**Mear mei it Waad - Mehr mit dem Watt**

*Achte bestjoerders,*

*It is al jierren de gewoante dat bestjoerders yn de breedste sin fan it wurd út Noard-, East- en Westerlauwersk Fryslân om 'e twa jier in kongres hâlde yn ien fan de trije Fryslannen.*

*Dit jier binne wy yn ús Fryslân oan bar en wy ha in moai program makke oer mear mooglikheden om rekreaasje, toerisme en ekonomy hinne oan de Waadkant fan Fryslân.*

*Wy kinne fan elkoar leare en ideeën opdwaan dy't fierder rikke as allinnich de minsken fan de Waadgemeenten.*

*Wy binne te gast yn Dongeradiel en sille oernachtsje yn Esonstad<sup>1</sup>, in foarbyld fan ûndernimmerskip oan de Waadkust. In unike kâns om dêr te oernachtsjen, om te hearren hoe't Esonstad ûntstien is en oer de plannen foar de takomst.*

*Fan de gemeente Dongeradeel hearre wy fan boargemaster Waanders oer har plannen en wy sille in diner brûke yn ien fan de moaiste ytgelegenheden (De Abdij) yn Dokkum.*

*Op sneon leit de boat ree om mei ús nei Skiermûntseach te farren en dêr sil boargemaster Stellinga ús ûntfange en fertelle oer de kânsen en swierrichheden fan in eilân yn dizze tiid. Wy sille it eilân besjen en hooplik genietsje fan moai waar.*

*Ik rop alle bestjoerders, kolleezjeleden en riedsleden, steateleden, ensfh. op om oan dit ynterfryske kongres mei te dwaan. De fiertalen binne Frysk, Nederlânsk en Dútsk en wy sille der foar soargje dat elkenien it ferstean kin.*

*In unike kâns om te hearren hoe't der mear mei it Waad dien wurde kin fan Waadfriezen en hoe't dat trochwurkje kin nei oare gebieten.*

*Oant sjen!*

*Foarsitter: Drs. Douwe Willemsma*



<sup>1</sup> <http://www.esonstad.com/impressie.php>

## Freed, 28 septimber

|                 |   |
|-----------------|---|
| oant 15.00 oere | Untfangst fan 'e dielnimmers út Noard-, East- en West-Fryslân yn it Restaurant fan Landal GreenParks Esonstad, Skanserwei 28, 9133 DV EANJUM, Tel. (0)519-32955   |
| 15.45           | Wolkom oan 'e ynterfryske dielnimmers troch Douwe Willemsma, foarsitter fan 'e wurkgroep Bestjoerdersmoeting fan 'e Fryske Rie  |
| 16.00           | Ynlieding oer ûntstean, skiednis en eftergrûnen fan Esonstad, troch parkmanager Sjoerd Jousma, Oanslutend in rûnlieding.  |
| 18.00           | Foaritenslokje, oanslutend mienskiplik diner  |
| 20.00           | Wolkom troch dr. mr. Roel Kaastra, foarsitter fan de Fryske Rie   |
| 20.10           | Ynlieding oer de gemeente Dongeradiel, troch Marga Waanders, boargemaster   |
| 20.50           | Khoji Wesselius (Plattelânsprojekten Noardwest-Fryslân) 'Waddenland van overvloed'. Oer de oanpak yn NW-Fryslân. It terpelânskip hat in eigen ferhaal. We moatte de rykdom fan it hiele gebiet sjen litte en besikers in breed palet oan mooglikheden dêr't út keazen wurde kin, biede. |
| Uterlik 21.30   | Sluten en ferdieling sliepakkommodaasje (Esonstêd).   |

## Sneon, 29 septimber

Hjoed bringe we in besite oan Skiermûntseach, it lytste bewenne Noardsee-eilân. Boargemaster Sjon Stellinga is ús gasthear. It eilân is 16 km lang en 4 km breed. It eilân hat 1 doarp, dat ek Skiermûntseach hjit. Dat doarp is om 1760 hinne ûntstien. Alle planten, dy't yn Nederlân foarkomme, binne ek op Skiermûntseach te finen. It grutste part fan it alsidige eilân is natuergebiet. Komst likegoed dunen en strân tsjin, lykas bosk en poldergebieten. Hoechst net om rêst en stilte te sykjen, dat is der gewoan. Op it eilân is autoriden beheind tastien. Eilanners meie op it eilân har auto's net in soad brûke.

|           |   |
|-----------|---|
| 9.45 oere | Fearboat Esonstad – Skiermûntseach (10.00-10.45 oere)   |
| 11.00     | Wolkom troch boargemaster Sjon Stellinga, Ynlieding oer de kânsen en swierrichheden fan it eilân.<br><br>Middeismiel<br><br>Ynlieding troch Albert Postma fan it European Toerism Futures Institute (ETFI) en lektor by Stenden University yn Ljouwert.<br>Postma hat út it ETFI wei yn opdracht fan 'e Keamer fan Keaphannel in ûndersyk dien nei de bûtenlânske merkpotinsjes fan it toeristysk produkt yn Noard-Nederlân, mei de klam op it Wrâlderfguod Waadsee. Dat ûndersyk sil folge wurde troch in oanpak foar toeristyske ûndernimmers om de kânsen dy't ETFI yn byld bringt te fersulverjen.<br><br>Rûnlieding oer Skiermûntseach |
| 16.15     | Weromreis (16.30-17.15 oere)  |
| 17.15     | Mei eigen auto's nei Dokkum   |
| 18.00     | Foaritenslokje, mienskiplik jûnsiten, gesellige jûn yn Hotel/Restaurant De Abdij van Dokkum, Markt 30a, Dokkum  |

## Snein, 30 septimber

|           |   |
|-----------|---|
| 9.45 oere | Mei eigen auto's nei Dokkum (fan Eanjum ôf rekkene) |
| 10.00     | Stedskuier. Startpunt: Grote Markt, Dokkum          |
| 12.00     | Lunsj, oanslutend ôfreizgjen fan 'e gasten          |

### Oanmelding en slieperij – Oanmeldings oant 1 septimber 2012

Stichting Fryske Rie, Saapke Miedema, Furmerusstraat 548, 8602 CG SNITS/SNEEK, tel. 06 16 608 348

E-post [fryskerie@gmail.com](mailto:fryskerie@gmail.com)

### Dielnimmerskosten

- Foar it folsleine programma, ynklusyf oernachting op Landal GreenParks Esonstad, Eanjum € 150,- p.p.
- Foar it folsleine programma, sûnder slieperij, € 110 p.p., of op ûnderdielen: freedts € 35, sneons € 60, sneins € 15.

[www.fryskerie.nl](http://www.fryskerie.nl) - [www.interfriesischerratt.de](http://www.interfriesischerratt.de)